

**Utnûging** foar de mienskiplike gearkomste fan NGV ôfd. Fr. en GWF fan de FA op **sneon 11 mrt. 2023** om 13.30 oere.  
*yn Tresoar (Boterhoek 1).*

**Wurklist, notulist: Rinse Spits**

1. Iepenjen
2. Meidielings en ynkommen stikken.
3. Ferlach fan 7 jan. 2023
4. **Piet Oberman, de man en de myte**  
*troch: Hessel de Walle*
5. Skoft
6. **Twadde helte fan de lêzing**
7. Fragen en neipetear
8. Omfreegjen
9. Sluten


Data 1e helte 2023: 8 apr.

dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

**Belangstellenden** binne fan herte wolkom op dizze gearkomste! **Tagong fergees!**

**Piet Oberman, de man en de myte**  
*troch: Hessel de Walle*

KP-lieder Piet Oberman waard ûnder de reek fan Dokkum berne en brocht dêr it grutste part fan syn libben troch. Hy waard ferneamd doe't hy - seisentritich jier âld - op 8 desimber 1944 as Frysk KP-lieder syn mannen foargie by de slagge oerfal op it Ljouwerter Hûs fan Bewaar. Sûnder dat der bloed streamde wisten hy en syn 25 helpers 51 minsken te befrijen. Mannichien wisten se fan in wisse dea te rêden. Syn stjer stich lykwols pas echt nei grutte hichte troch de film dy't achttjin jier letter fan dit ferhaal makke waard: De Overval.



**Hessel de Walle is berne yn Dokkum, mar wennet al jierren yn de stêd Grins en omjouwing. Yn de jierren santich en tachtich studearre hy skiekunde, Skandinavyske talen en Frysk. Hy fertsjinnet al jierren de kost as freelance data-analist. Dêrnjonken docht hy ûnder oaren histoarysk ûndersyk nei Fryske memorabilia en it Fryske ferset yn de Twadde Wrâldoarloch.**